



ALGEMEEN / 1977

DE PYNKSTERKROANEN.

Auteur: A.Bakker.

Een oud-Hindelooper gewoonte, die weer tot leven kwam op de reünie van Oud-Hindeloopers op 5 Mei 1973.

It sol twiske 40 en 50 jier liiden wêze dot de kroanen op de Bûrren hange hewwe. Mestâl hangen se fan de sköstin fan Elselo syn bakkerii nei it hus der as Wybren Kupers yn wenne. Mar fôrdôt it so fiir wied, wied er al heel het oen foró geenzen. Jê waden mestâl mekke troch trê frouliied, Ruerde Mary, Reinders Aenne en Hindriks Reinder. Wiken fôr de tiid geengen se by de bakkers langs om hopen fan hunning-en krentefôtten en utbleesde aeidoppen. Den mosten er flachjes en ammertjes en botnôtten knipt en terfd wòdde. Een graeten en twaa likjere kroanen. Ynkele dêgen for Pynksteren geengen se er mei troch Hylpen, to bekykjen leten. Jê waden under in drûgrak ôphange. Twaa frouliied èalk in eend drêge en de trôdde bij de dorren langs. "Wolle jy de kroanen ek eawen sên?" De bilaening wied mestâl in paar senten, en dy as 't better bitelje koo jooch in dubeltjen. Dôt wied de enichste bilaening dy't se kregen. De naets fôr Pynksteren waden se mestâl troch in paar jungkêardels ophange. As wy as jûnges den óp Pynkstersende de mons nei de Burren geengen om to sên at de kroanen al hangen, en 't waeide steawich den hearden we jem fan fiiren al rynkeljen. Dot kom troch er binnenyn trê flesjes hangen en yn èalk flesjen in stik of trê spikers. Jin hangen oen toutjes. De toutjes waden troch de kurk festhealden sodot se naat oen de boam komen. Lete we no êarst eres sên ho as se mekke waden. It geraamte bistooch út twaa hopen. Een erfân blôu heel. De twadde waad middentroch sêge. De beide helten waden krúslings oen inem forbûnden en de fouer eenden wur oen de hele hoop. It wied dus en soarte fan kûpeltjen en boppe-yn hangen den de flesjes. It geheel waad ôdekt mei sparregreen, it ôsniide eend boppe en it green nei ûnderen tot eawen oer de runde hoop. De flachjes, fouer stiks, dekten 't green o. No waden de aeidoppen yn stryngen riend, tôelof tót fyftin yn èalk stryng. Op itsòlde plak wur as de hopen by inem kòmen waden se fest mekke. De fouer eenden waden ûnder oen inem forbûnden en der in graeten papiiren ûnder oen. De botnotten waden fan ton papier knipt; it waad êarst acht tot tôelefdûbeld terft en den fan beide kaanten wur fanó de runde hopen yn bôgen nei underen tót 10 sentimeater bóppe de roaze. Hir en der hangje ammertjes oen de hoop fan gekleurd glôd papier en sûnder boam. De kroanen jin as òp fiiu maeie 1973 brûkt binflie wòddetroch V V V biwarre en



Hindeloopen in beeld

Foto's en verhalen per plek

hangje op de soalder fan de openbare skoele.

As 't Pynksteren wied en de kroanen hangen bigôenen de jûnges en de fanen yn de leaf tyd fan sun jier of seks paren to formjen en ûnder de kroanen to paterjen, aald Hylper fôsjes te sûngen en to dunsjen As se den wurch waden den geengen se iirm oen iirm, jûnges en fanen een of twa slaggen om. By 't snobbeswynkeltjen fan Lolke en Lamkje waad eawen hou hêalden want den móesten er ynkoapen deend wòdde. De fanen jogen de jûnges in soerstok of in sigaretjen, en de jûnges jogen de fanen in wynbal òf in paar karmels. Kòt dernei waad de stût ûntbûnden. De iends twiske; in oere of 7 en 8 kômen de fynten en de fanen opdègjen en waad er tòt in oere óf ten to paterjen. It haichtepunt wied den, so-as yn 't lydtjen steat: Kom pater, geef je non een zoen. En yk forwaetje den ek dòt mennich trouwe paar inem under de kroanen fôr 't êarst fûnden het. As den iends nei tenen it jungfolk nei hus to wied den kômen de aalden en het men no nêmt de 65-plussers, jitteres op 'e lappen en bigoen it paterjen wur òpnii.

Oer de fraig ho lang as't liiden ys dot de êarste kroanen mekke binne ys dot de êarste kroanen mekke binne ys naat fule yn de boken to fynden, eawenmin as oer de biteakenis er fan. It mest de haend leit dòt se mekke en brûkt binne fôr in bifrijingsfeast. Er sol allicht in timmerman in of in skilder west hewwe (architekten sòlle er dé jitte wòl naat west hewwe) dy as een ontwerp mekke het. 't Kin dus west hewwe dat it wied nei dòt Napoalèon it laand utjêge wied, mar dot ys jitte mar ûngefear hundert sechtich jier liiden en den soed er wòl mear fan yn de boken te fynden wêze. It leit den ek mear fôr de haend dòt it west het neidòt de Noarmannen jin as jerre fee stend hewen en braanden stichten, fordriend wieden.

Boppe oer't green hangen de flachjes as teaken fan trou oen Neaderlaand. It sparregreen herrinnere dòt it bosk yn aaide tiiden oen Hylpen to rond het. De ammertjes wieden it symbool fan de feehalderii, de aeidoppen wiisden op de pluimfeehalderii en de botnòtten jouwe oen dòt de fiskerii een fan de bilangrykste middels fan bistaan wied.

Tenslòtte jitte, de flesjes jin as in enigzins klêgjen gelût forspreden jogen oen dòt de froulied by de haiwen stogen to goelen as jerre mannen by stormwear òp sea wieden to fiskjen of dot er een fan jerre neistbistaenden òp sea bliend wied en letter bilòd waad.

De leste kroanen binne mekke troch Andries Bakker òp fouer en tachtig jirrige leaf tyd. Hy stamde ò fan een aald bakkersgeslacht út Hylpen wur fan syn oerate de hear Têad Bakker klaen en skoemekker wied fan syn biroop en wethaolder en lokoo burgemester.

A.Bakker.

(Uit de "Garuda" van mei 1977)



Hindeloopen in beeld

Foto's en verhalen per plek

BRONVERMELDING

Uit de "Garuda" van mei 1977